

Simmerrêst

It is simmerreces. Dat betsjut: gjin riedsgearkomsten, gjin foar of tsjin útbringe, gjin aginda's dy't út de klauwen rinne, gjin kommisje en gjin fraksjeoerlis. En ik moat sizze: dat is hielendal gjin ramp.

Ik sit no faker gewoan yn 'e tún. Swart bakje kofje, fuotten omheech, en de fûgels dy't gewoan trochgean mei harren eigen gearkomsten yn de hage. De telefyzje stiet út, de e-mails bliuwe even lizzen, en ik merk dat der yn dy rêst romte komt foar wat oars. Net om in polityk plan te smeden, mar gewoan om efkes neat te dwaan.

En dat jout romte foar it wichtichste fan alles: tiid foar de húshâlding en freonen. Mei-inoar ite sûnder haast. Genietsje fan ús twadde thúshús yn Bakkefean en dy net te hoege ta te rieden om nei in gearkomste te gean. Dat binne de dingen dêr't gjin beliedsnota tsjin kin.

Lêsten kamen twa maten del op in waarme jûn. "Bist no wol thúshús? Goh, dat mei ek yn de krânte!" sei ien mei in grijns. En hy hat noch gelyk ek. Want as riedslid bist faak fuort, oan it wurk, ûnderweis, yn petearen, of oan de slach mei stikken. Mar no dus efkes net. Dus tiid foar in bierke, in goed petear en fierders neat. Gewoan genietsje.

It reces is net allinnich in pypskoft fan it riedswurk, mar ek in kâns om wer efkes te fielen wêrom't wy dit dochs allegearre dogge. Net om te praten, mar om te lûsterjen.



Net om te regeljen, mar om te belibjen. It is ek samar wer om fansels.

Nei de simmer barst it allegear wer los. En dat is hielendal prima. Mar no, dizze wiken: in stoel yn 'e sinne, in goed petear mei de frou, bern of freonen, wat fleis baarne en in drankje derby. Romte yn it kopke krije. Rêst neame se dat ek wol leau'k.

Ik winskje eltsenien in moaie simmer, mei in soad tiid foar neat, en in protte romte foar alles. En ferjit net om te genietsjen minksen. Want moarn is ek samar wer juster. De tiid hâld gjin skoft.

Namme: Ferry van der Ploeg

Wenplak: De Westereen

Wat minsken net fan my witte: Ik kin hiel min stil sitte. Ik preek hjir oer rêst, mar kin it sels net sa goed. Sjoch, dêr ha jo it al: in kolumn oer moai yn 'e tún sitte, mar skreaun yn de stress. En sa binne wy dochs allegear wat skynhillich, polityk of net.